



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE

**Wurdum Fr e.o.
Snein 2 july 2023**



Wolkom

Op dizze simmerske sneintemoarn hjit âlderling fan tsjinst, Elizabeth Mozes, iderien yn tsjerke en thús fan herte wolkom. Wy fiere hjoed it Hillich Nachtmiel.



Hjirnei sjonge wy liet 122: 1 en 2: *‘Wat wie ik bliid doe’t ik de rop wer hearre mocht: ‘Wy steane klear om nei de timpel fan de Hear’*

Nei **fotum en groet** freegje wy yn in **stil gebed** in segen foar dizze tsjinst en ek foar elkoar.



Wy sjonge it **iepeningsliet**, liet 150a: *‘O priizgje de Hear om ‘t wurd dat Hy brocht. Sjong bliid ta syn ear, jim ingels fan ‘t ljocht’*

Wy bidde it gebed om ûntferming

It glorialiet wurdt songen: liet 1009: *‘O Hear kom mei jo frede, befrij dochs út har neden dy’t langje nei jo dei’*

Wy bidde om it ljocht fan Gods Hillige Geast

De schriftlêzingen wurde dien troch Corry Brouwer.

De earste lêzing is út Johannes 4: 1 - 15

Hjirnei sjonge wy liet 42: 1 en 7: *‘Sa’t in ree, fan toarst ferlegen, smachtet nei de wetterier, rop ik, God, ta Jo omhegen, hymjend as in hetsich dier’*



De twadde lêzing is út Johannes 4: 16–30 en 39–42

Wy sjonge liet 653: 1, 2 en 3: *‘Ferborgen Hear dy’t by ús binne, út Jo te libjen al den dei’*

Ferkundiging

Ds. begjint mei it ferhaal fan de wetterferkeaper dy’t ûnderweis nei syn klanten wetter ferliest omdat ien fan syn krúken lekt. It wetter wie net ferlern gien omdat de blommen oan ‘e kant fan de dyk dêrtroch wetter krige hiene en ryk bloeiden. Yn de skriftlêzing wurdt ferteld oer de moeting fan Jezus mei de Samaritaanske frou by de wetterput. Jezus frege de frou om him wetter te jaan. De frou rekke hjirtroch ferbjustere want in Jood soe soks nea freegje oan in Samaritaan. Jezus en de



frou giene yn petear en Jezus fertelde fan it libbene wetter dat hy hie. De frou hie troch dat dit in hiele bysûndere man wie. Sy gie de stêd yn en fertelde fan har moeting mei Jezus. Die bleau noch twa dagen yn de stêd en in protte minsken kamen ta leauwen. Yn dit ferhaal giet it oer stilsteand wetter tsjinoer streamend wetter. It giet derom dat der yn it libben wer streaming, beweging komt. Datsto dysels weromfynst. It komt der geandewei by de frou út: sy giet iepen! Sy komt yn beweging! Sy wurdt yn dit ferhaal sels de earste froulike apostel! Yn har libben begjint it te streamen en sy set hjirtroch ek oaren yn beweging.

Moment van stilte

Orgelspel

Wy sjonge liet 911: 1, 3 en 4: *'Rots dy't my it libben skinkt, skûlplak as my 't kwea bespringt'*



It formulier foar de fiering fan it Hillich Nachtmiel wurdt lêzen: 'Underweis nei Jo'

Wy sjonge liet 377: 1, 4, 5 en 6: *'Lykas ik bin, kom ik neiby, mei oars gjin pleit as dat Jo my josels jûn ha; Jo rôpen my – o Laam fan God, ik kom'*



De ynstellingswurden en de tanksizzing wurde útsprutsen. Wy wurde noege om bôle en wyn te dielen.



Wy sjonge liet 381: 6: *'Myn Libbensfoarst, jo leafde hat gjin ein, Jo ha myn honger en myn toarst ferslein'*



Mededelingen

- De blommen gean as groet fan ús gemeente nei de fam. Wijnsma.
Kollectes: 1^e: KIA –
Wrâlddiakonaat Indonesië
2^e: Tsjerklik wurk



Berjocht fan ferstjerren

Wy betinke ús âldgemeentelid Sjoukje Wolters-Kooistra.



De diaken stekt in kearske oan en set dat by de betinkplaat yn 'e Kapel, wer't har namme byskreaun is.

Gebeden

Nei de gebeden bidde wy yn stilte de gebeden fan ús hert. Wy slúte de gebeden ôf troch meiïnoar it **'Us Heit'** te bidden



As **slotliet** sjonge wy liet 283: 1, 2 en 5: *`Yn `e mannichte fan lûden, yn it stoarmjen fan `e tiid, sykje wy it sêfte sûzjen fan it wurd dat freugde biedt`*

Sinding en seine

Wy beame de seine mei in 3 x songen *`Amen`*

Nei de tsjinst is der gelegenheid om inoar te moetsjen ûnder it genot fan kofje mei cake.



Medewerkers

Voorganger:	Ds. Pieter Dijkstra, Grou
Organist:	Albert Minnema
Ouderling:	Elizabeth Mozes
Diakenen:	Jannie Lindaman, Nieske Span en Folkert Jongbloed
Koster:	Gerrit de Vries
Beamer:	Hendrik Hiemstra
Bloemen:	Gina Turkstra
Verslag: CBB	Foto: ROB